

Myn moaiste rigels – Willem Abma

1. Dat Fan leechste sinnen komt de djipste feeling. 47
2. Sêft liket my myn libben fuort te driuwen, 't ferline, no en takomst yn ien dream; 68
3. Fan 't deiske stribjen kinn' gjin fâlden bliuwe, hja wurde wei as tearkes fan in stream. 68
4. En ta ien stream terint it doe en hjoed. 71
5. En 't is my wie it libben yn 'e dream it wiere, en it oare reach en reau; 71
6. Ek myn koarte dagen driuwe sêftkens nei 't ferline ta. 84
7. 'k sil ut dizze kriten kliuwe dan allinne as byld noch bliuwe en 't heelal ta wente ha.84
8. Ut d' ierde opbloeid troch de krêft fan 't ljocht is minske wol fan ierde en ljocht it bern.78
9. It heart ûnwennich, en wy fiele mei in frjemde langst nei wat ús sels ûntkomt. 111
10. Wien' hja ús folk gjin freonen? Simmertids gong ieuwenlang de finne lans har paad. 111
11. ..'t is de dei, de stûn' dat kwea en ûnluk fan de siele falt en ierd' en himmel gean yn 't hillich bun. 113
12. Wat stoar giet net ferlern! It wêzen bliuwt en libbet bûten tiid. 123
De siele jout him út yn romte en tiid en draacht it lok yn machtich streamen mei. 146
13. Ek yn dyn each foel wat ik dronken ha; dit is it lok, dat elts him winne kin: gjin erfdiel as it libben heart er ta! 146
14. In macht'ge rige stiet oan 'e oare kant. 161
15. Der is sa eat – ik kin it net beneame, it sil syn stee ha oan bewittens seame –
It is fier ôf, de wurden haww' gjin macht, mar by syn oanreits silst dyn sillichst dreame. 299
16. Nea hie er noch fan God – en leafde? – dicht, doe hat er 't klaad, dat him ferdiek, wat licht.
Mar, o it wie gjin God om oan te sprekken; myn freon, myn freon, dan nea mei d'eagen ticht? 299
17. Mar de trie rûst har namme. 165
18. En wiid set ik de sinnen iepen. 169
19. Dêr leit yn't wite klaad – in bleke skym – wat iens de drager fan syn wezen wie; 176
20. It omskot dêr't de siel har byld oan joech, en dat, yn wikselkrêft, de siele foarme hie. 176
21. En sa moat wol syn wezen, ús foarby, troch d' eter spegelje yn it al-omfiemjend each. 176
22. Sa gean w' ús ljochte paad. Wa jout, wa nimt? 177
23. As ik ienkear skiede moat – in ljochte dei yn maaietiid wie my it lichst –
dan set myn bank, dat iepen foar my leit wêr't jimmer 't djipst ferlangen hinne teach. 181
24. En nim gjin print fan de te-ploege mom; 't koe wêze dat hja spriek wat better wie ferswijd.
181
25. O winterjûne smertlik feest, hoe grypst ús sterk en fel! 184
26. Goethe die in reis nei Italië en Rilke nei Ruslân, en as in oar minske kamen hja werom.
Ik ha op myn âlde dei nei Harns ta west; 218
27. 't Woechs út it flakke lân stil nei de sinne op en 't is net sterker as de minskene hert. 254

28. De sinne hâldt syn ljochte himmelgong en minske' hert syn wûnderlik begear. 254
29. En siele hat – o dream yn simmerlân – yn ierdske begean fan it tideleaze wûn. 254
30. “Soene jo stjerre moatte as jo net dichtsje koenen? 259
31. 't Omfiemjend tinken hat ús tocht as ien, mar noch as twa. Dêrmei bleau it skoujen oer yn âlde skyn en ierdske byltenis. 261
32. No binn'wy fierder as dy stjerre, feint, 261
33. ...de eter yn gong 't ljochte wêzen bûten elts bestek. 261
34. Kin it wêze dat it keamerfinster seit: Ik sjoch de greide; ik bin de greide. 268
35. Kinne jimme noch bidde? Ik kin it net mear, mar wol kin ik my lyts fiele, idel yn 'e romte fan it heelal, wei tusken ferline en takomst, lichte flikkertins yn it Al-belibjen. 275
36. Mar wêrom soe der gjin frede wêze, as it iene wêzensbegjinsel opnomd wurdt yn it alomfetsjende lyksoartige? 279
37. Haw ik dy frede? Sil ik dy frede hawwe? Haw ik de ierde net te leaf? 279
38. It is mear dat ús stalten fan it Al-betinken yn ien byldberik gearbrocht en omfieme wurde sille. 285
39. Dit is myn lân! De kostelikste greide spint om my syn reach en nimt my mei de wrâlden yn, 303.
40. Mar wat der bloeide en die, ferstean it sa: in dichtwurk fan in heger krêft bedreaun, 303
41. 't Hat west, it is; it stiet beskreaun en heart ta wrâlds bestean, 't is by it grutte barren komd en kin net mear fergean. 311
42. Sa mannich ding dat wie – no hjit it dea – is libben bleaun yn my; it hat gjin skyn, lyk as berutsen fjoer; mar d' oere komt, en 't hat syn gloede wer fan lang ferlyn. 343
43. 'k Bin oars as tsjinner net fan frjemde krêft, dy't yn my waachst nei 't bliere deiljocht ta. 343
44. De wei leit foar my út: in blanke reed de wrâlden yn; de siel bespant it gea. 354
45. Ien part is uzes: goddelike jeft' sa fêst te hâlden yn ien byld wat wie, 354
46. It is en útdien kin it net. It byld giet net ferlern. 375
47. Soe men weijaan kinne wat men net hat? Ja, it kin; ik ha it belibbe. 391
48. Mar yn it dicht sil de opflecht fan it eagenblik de siele boppe it as eigen bekende heevje kinne. 391
49. Mar der binne eagenblikken dat de minske' siele heger grypt. Dan fielt hja har ferbûn mei it grutte en it ivige; hja hat part oan it alomfetsjende begripen of is diel fan in al-siele.
50. Ik naam gjin sit as, sa as Emily Dickinson – yn it rydtúch fan de Dea mei Unstjerlikheid as tredde – foar in reis troch de ivichheid; 396